

Yn Jorwerter notaristún

„In dream yn 'e simmer”

aerdich simmerjounspul

Justerjoun is to Jorwert de earste opfiering joun fan „In dream yn 'e simmer” fan W. Chr. Duba. Hwa't sûnt 1954 yn it smûke notaristún west hat, moat him it stik fan diskear net ûntkomme litte. It is oars as oars, ek oars as it oare wurk fan rjizze skriuwer. Oer alle iggen en seamen is it hwat nijs, omt it in echt simmerjounspul is. It is gjin toaniel yn de iepenloft, mar iepenlofttoaniel, dat der is hiel hwat to sjen. Hawar, dêrfan kin men jin joun en tilsdeitojoun oertsjûgje.

De skriuwer set féen en boskmantjes op 'e toanielseadden. Dy komme foar yn it ryk, dat Nynke en Eelco har dreame. De beide haedpersoanen binne in jongfeint en faem, dy't mei elkoar yn 'e kunde kommen binne yn 'e fakânsje, dy't hja troch bringe yn itselde hotel. Hja meitsje in boattochtsje en bilânje op in paradyseftich eilantsje, dat tige ta har forbylding sprekt. De romantyske omjowing lit har net kâld; de fantasje bigjint to sprekken, hja bigjinne to deldreamen, hja dreame en dan wurdt de dream „werklikheit”. De féen ropic Nynke út ta keniginne fan it ryk fan de Leechlanners en de boskmantjes bineame Eelco ta kening fan it folk fan frije minsken.

Kening Cupuluster XXXIII en keniginne Lillander dreaun har in tolve hûndert jier tobek yn 'e tiid. Dat slagget dizze minsken út 1962 fansels net alhiel en dêrtroch spylje it skler forline en it baernende hjoed boartlik troch elkoar hinne. Doetiid en noutiid, folle

forskil is der net yn minskene doel en stribjen, dat troch de bank net safolle fortuten hat. De skriuwer bihannelet dit alles op lichtfuotige wize en dat is goed. Om ús hie'd er wol efkes spitsers wêze kind mei hwat djipper dollen. Binammen de striid tusken heidendom en kristen leare hie wol hwat fynder en krêftiger útarbeide wurde mocht.



Lofts Eelco-Cupuluster en rjochts Nynke-Lillander

It hie dus better kind, al wie it dan moai. Tige de muoite wurdich wie ek it dekor fan Stinus Veldkamp en it kapwurk fan Rommert Talman mei de klaijinge fan Albert Gerlach. Der wie ek klean liend fan it Sweachster iepenloftspul. Ut it haedplak fan Opsterlân wie ek de biljochting kommen en mei it ljocht wurdt yn Jorwert folle en goed arbeide. Regisseur Pyt van der Zee hat him hwat dat cangiet útlibje kind. Oars ek, hwant it gehiel is net ien stik wurklikheit, Wirklikheit wie al, dat der goed spile is. Binammen ek troch de twa, dy't de rollen fan Nynke-Lillander en Eelco-Cupuluster útbyldzje moasten. Knap wurk ek fan de féen en boskmantjes, it folk en alle oaren, mei elkoar in fjirtich man, dy't nei in tritich rippetysjes soarge hawwe foar in biweechlike en goed slutende opfiering. Perfoarst moat ek neamd wurde, dat muzykmeiwurker Johan Bok fan de Fryske Kultuerried sokke passende muzyk oanbifelle hie. It gehiel is yn twa bidriuwen getten en dêrfan is it earste ryklik koart. Ien mei oar hat lykwols ta foardiel, dat de saek mei skoft en al yn treddeleure birêden is.